

FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 7 maaie 2008 byinoar west by Anna Hemstra oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is.

Der binne ek wer in oantal saken besprutsen en ús jûnen binne nochris trochnommen.

Twa saken wolle wy hjir eefkes oankaarte: Troch it almar oprinnende oantal stipers dat ús jûnen besiket, komme wy eins yn de swierrichheden wat de sinteraasje oanbelanget. Mei oare wurden: de fiif euro stipersjild is krekt foldwaande om foar ien jûn de kofje en sa te beteljen.

Dit hâldt yn dat wy al in oantal jierren der jild bylizze moatte. Us stribjen wie altyd om it stipersjild sa leech mooglik te hâlden, mar wy sjogge gjin oare útwei dan it stipersjild mei yngong fan 2009 te ferheegjen ta (op syn minst) tsien euro foar ienbere persoanen en tweintich euro foar pearen.

It is foars, dat begripe wy, mar ek it sukses fan ús jûnen de lêste jierren sterket ús yn it idee dat elts him/har hjir wol yn fine kin.

Yn oansluting op boppesteande kinne wy jimme noch witte litte dat wy de stipersjilden net allinne brûke foar ús winterjûnen. Ynisjativen út it doarp wei wurde (wêr mooglik en yn oerienstimming mei de kêsten) jildlik stipe. Yn de ôfrûne jierren hawwe wy jildlike stipe jûn oan:

(ferfolch oare side)

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2008 – 2009

It plak: De boppeseal fan De Raadsman, it begjin is alle jûnen om healwei achten.

Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 6 novimber 2008:

Jûn sil **Sybrén van der Vlugt** it hawwe oer kleurrike minsken, harren- en oare ferhalen en oer skelnammen hjir te Grou.

Tongersdei 11 desimber 2008:

Mei syn laptop en syn beamer nimt **Hedman Bijlsma** út Drachten ús dizze jûn mei nei de wrâld fan iis en riden. Fan Adam Hurdrider oant en mei de iispommeranten fan no. Fansels komme de Grousters yn de baan ek oan bar en jout er omtinken oan ferrassende details -ek út dizze omkriten- dy't sjen litte dat it riden in wichtich part is fan ús Fryske kultuer en histoarje.

Tongersdei 22 jannewaris 2009:

Sietse Heidsma sil it fan 'e jûn hawwe oer de oprjochting yn 1896 fan "it bûterfabryk" en de (earste) jierren dêrnei.

Tongersdei 5 maart 2009:

Jûn fan **Ype Sytéma** gjin krante, mar koart en bûnich: "Grou troch de ieuwen hinne".

(ferfolch fan oare side)

Karaktergroep Grou	it boek "Grou 2000"
Herre Halbertsma	it boek "Frieslands Oudheid"
Toerkommisje Grou	restauraasje fan de tsjerke
Sint Piter komitee	it Sint Piterboek
Gymnastykferiening SSS	it betinkingsboek "100 jier SSS"
Ljouwerter Krante	foar it digitlysearjen fan de "Frisia"

en op de lêste bestjoersgearkomste hawwe wy besluten in bydrage te jaan foar it noch te ferskinen boek fan Ulke Brolsma.

Fierders is de gearstalling fan it bestjoer feroare. Dat wol sizze: Jan Sjoerdsma Wzn. is oan it bestjoer taheakke en yn it plak fan Frâns Bakker ta ponghâlder beneamd. Yede vd. Veen bliuwt foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frâns Bakker meitsje it bestjoer folslein.

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2007 – 2008

Op 6 augustus is te Akkrum ferstoarn ús âld-stiper **Tryntje de Jong-Bokma** yn âldens fan 98 jier, en op 10 septimber yn âldens fan hast 100 jier kaam in ein oan it libben fan **Taebke Smit-Lootsma**.

1 novimber 2007.

Yede van der Veen, foarsitter fan de Stifting iepenet de jûn mei elkenien wolkom te hjitten. It is de 165ste Stiftingsjûn sûnt de oprjochting yn 1965. De earste jûn fan it winterskoft begjint daliks mei in klapper. Mei **Sybren van der Vlugt** it fjild yn. De bylden binne fan Reinder.

Sybren lêst in stikje foar fan Paulus Akkerman. "De kunst van het eierzoeken". Sybren fertelt dat alle aaien wol te iten binne. As jonges hawwe se ek wol protteraaien iten, mar merkolsaaien grize him oan. Dan de ferhalen oer Pekema en Zylstra, dy't kobbeaaien sochten en de aaien bedarren by de bakker. Doe't it koar ris meilkoar yn Ljouwert wie, bedarren se by Siderius op de Wurdumerdyk. Sybren syn heit beseach de kaart en dêr stie in "gek.ei" op. Hy bestelde in gek aai, mar ta heit syn fernuvering krige hy in seand aai en net in gek aai, mar wol in "gekookt ei".

Fierder fertelt er oer de tiid dat alles ûnder wetter stiet (1945) en dat fûgels dan ek iten wurde. By de Lauwersmar is it iten fan wulpen in delikatesse. It ferske fan master Wielsma oer it aaisykjen, oer it boas wurden fan syn mem, om't er yn trije kertier twa kear wiet wie en oer de wedstriid fan fierljeppen op 15 july 1961 en dat de 1ste priis foar Jelle Sjoerdsma wie. Sybren wie en is gjin ljepper. Eartiids begong it yn boarterstiid by it eibertsnêst oan de Nesserdyk. Men koe oan it stoomgemaal ta rinne as oan de wetterlieding. Syn earste les krige Sybren fan Geart Zylstra. Nea raze, nea wize om't er in fûgel seach. Ferhalen oer it aaisykjen by Heechhiem en by Nauta, oer it kwaikjen, dat doe hiel gewoan wie mei jirpeltsjes en stientsjes. Sterke aaisikersferhalen en dat der no safolle ferbearn is. Mar aaisykjen is ek in sosjaal barren. Maitiids komme groepen byelkoar op strjitte en dan heart men gauris; "Hast se al sjoen? Se binne der wer!". Mar yn it fjild hat men der in hekel oan. Dêr is men graach it leafst allinne. Der hawwe hiel wat aaisikersploegen west. Letter naam Tsjebbe van der Meer, de frachtrider de fûne aaien mei nei Ljouwert. Der hat in topjier west dat er 178.000 aaien oanbean waarden. Yn 1969 naam de Keninginne gjin aai mear oan en yn 1970 wie der gjin útfier mear nei Ingelân. Aaisykje moat je priuwe. De lûden, it ljocht, de wiidse romte, it suverste geniet, it jonge libben en de rêst.

De piperswel (gierzwaluw) is Sybren syn fûgel. Kin 120 km yn d'oere fleane. Hy beslút de jûn mei in gedicht fan Tsjits Peanstra. Sybren wurdt troch de harkers betanke en fansels ek troch Yede. It wie wer in moaie start foar it nije winterskoft.

6 desimber 2007.

Jetze van der Goot nimt ús mei nei de wettersport yn en om Grou. Alwer in seal fol minsken. Jetze, soan fan Tsjalling van der Goot en Pytsje Ypinga. Tsjalling wie in soan fan Jetze-Gees en Pytsje wie in dochter fan Oebele-Leen. Pake Oebele wie molkfarder en beppe wie altiten wanich as pake op it wetter wie en dat sloech oer op de bern. Pake Jetze wie earst fisker en letter hied er wurk op it bûterfabryk. By pake Jetze wie in kostgonger dy't Snater hjitte en dy man hie in machtich moai sylskip mei de namme "Hobbelhynder". Heit Tsjalling wie sljocht op farren, benammen silen en gong wol mei Snater fuort. Letter wie der in kostgonger, Gauke Nijdam. Heit Tsjalling gong mei him te silen, mar dy man wie sa krekt, dat alle spatten fan it wetter moasten fan de tinte ôf ûnder it silen. Sels hiene se by Jetze thús noch gjin farderij. Nei de oarloch liende heit in skou fan Willem Vrijburg. Dat wie yn ien wike fakânsje by Halbertsma. De tiid moast brûkt wurde, dus mei moai waar moasten mem en bern moarns om 4 oere it bêd út om it wetter op, want heit woe neat misse fan syn frije tiid. It begripen hjirfan is pas op lettere leeftiid kommen by Jetze. Yn de oarlochsjierrren boarten Jelle Holtrop en Jetze hast alle dagen by en yn it wetter. It siet der al jong yn.

Op de grutte skoalle waard Aldert de Boer fan Heechhiem Jetze syn maat. Jetze hat prachtige jierren op Heechhiem trochbrocht. Yn pake Aldert syn skouke, skûtsjesile mei klompen, mûne mealle. De reis nei de pleats wie rinnende oer de pont yn de Nesserdyk, as mei heit Jan de Boer, as mei de molkfarder. Jetze fertelt fierder oer syn maten fan letter, oer it aaisykjen en it ferbliuw yn it Homme-arkje, oer ielheljen út de fûken fan Siekmans, swimme by it húske fan de kommissaris, sile yn de skouwen en dan krekt by fiskers lâns, skipkesilen fan Jong Frisia en de optocht dy't der by hearde. Foar't earst hat Jetze syld mei Willem Postma yn de skou. Syn langstme nei silen is doe al berne. Mei syn lettere maten Wiebe van der Pal, Hinne de Jong en Tseard Andringa wiene se hast altiten op of oan it wetter te finen. Der is hiel wat ôf syld en stunt.

De sylferienings Lyts Bigjin, GWS, Frisia, Oostergoo en de NNWB-kampioenskippen kamen allegearre op it aljemint. Hiel wat nammen mei ferhalen, sa as Pyt Eizinga, Fokke Jansma, Albert Vollema, Willem Adema, Hylke de Vries (Doaze), Sjoerd van Stralen, Master Wielsma, Hindrik Bulthuis, Ljibbe Stelwagen en noch folle mear, rôlen de seal yn. Lang net klear mei syn wetterferhalen, annekdotes, skûtsjes en eigen silery, moast er in ein oan de jûn meitsje. Mei prachtige bylden troch Reinder op it skerm brocht, waard Jetze troch de seal en fansels troch ús foarsitter tige tank sein foar dizze prachtige jûn.

17 jannewaris 2008.

Ultsje Hosper, fan boeresoan út Grou oant biolooch en direkteur fan it Fryske Gea. Alwer in seal fol minsken. Yede hjit elkenien wolkom en jout dan it wurd oan Ultsje. Hy fertelt earst oer it geslacht Hosper, dan lit er kaarten fan Fryslân sjen, dêr't pas yn 1680 Grou op stiet. In boere- en fiskersdoarp. Ultsje hat yn Grou op Lyts Jongema wenne, boud yn 1903 (de pleats by it stasjon). Tsjinoer de pleats wie it kofjehûs, dêr't letter Kerkhof, in kundich man, grûnûndersyk die. Ferhalen oer eartiids kamen oan 'e oarder. Yn 1959 is de rykswei oanlein. Foar de bern Hosper in prachtige belibbenis.

Ultsje hat it fierder oer de yn 1964 oprjochte aaisikersploech "De Swalkers", oer syn Rinny dy't eartiids oan de Boerewâl yn it wenskip "Rens" wenne, oer de oanlis fan de J.W. de Visserwei, ynrychting fan de Lege Midden, oanlis Oostergoewei (1957), Kievitstrjitte (1957), daam yn de Galle (1959). Utfierder wie Tjepkema, syn skoanheit.

Mei moaie bylden fan himsels, krigen we foar it skoft al hiel wat te ferwurkjen. Nei it skoft fertelde Ultsje dat er yn syn skoalletiid by de bakker suteler wie en dat hy in protte by Kaastra boartte .

Lyts Jongema is yn 1988 ôfbrutsen. It fiadukt hjit no sa.

Yn 1970 is hy troud, hat yn Assen wenne oan't 1972 ta, doe ferfearn nei Oerterp. Hy hat by de Heidemij wurke, letter by it Fryske Gea.

Yn dy tiid hat er syn biologystudzje dien. Hy waard fan 1982-1998 biolooch by it Gea. We hearre oer de blaugerslannen, it behear oer it healân, haaiïnge en ôffier mei de boat, Jan Durkspolder, reidsnije, roekbosk of somebosk, natuer technysk bosk, otterprojekt, skotske heechlanners, reewyldtelling, Alde Feanen en de Hynstedobbe.

Sûnt 1998 is Ultsje direkteur by it Fryske Gea. In prachtige jûn hat er de stipers besoarge, mei skitterende bylden. De tank wie mear dan op syn plak.

Op 1 febrewaris is te Dimter yn âldens fan 92 jier ferstoarn **Elizabeth van Stralen-Dijkstra**, jierrenlang mei har man Jehannes in trou besykster fan ús jûnen.

6 maart 2008

Klaasje Postma, de lêste yn 'e rige fan ús winterskoft. Yede iepenet mei in hammerslach, hjit elkenien wolkom en jout it wurd oan Klaasje, dochter fan Jaap en Tryntsje Postma. Berne yn 1946. Klaasje leit earst har famyljerelaasje út, giet dan mei ús in slach troch de buorren, fertelt wêr't hja wennen, oer it boartsjen, de bewaarskoalle, grutte skoalle, SSS en de merke. De ulo hat se net ôfmakke, is wol op de kleuterke week kommen, hat de haadakte helle en krige yn Almelo wurk en letter yn Ljouwert. Is yn 1967 troud mei Bert en krige 2 bern. Yn 1968 is har heit stoarn.

Hy wie noch mar 55 jier.

Yn 1978 is Klaasje skieden, kaam op in pleats yn Wurdum te wenjen en is yn 1990 troud mei Freark Smink.

Nei it skoft begjint se oer it toaniel. De kleuterskoalle hat in goede learskoalle west, want in toanielskoalle hat se net hân. We krije wat te hearen oer Simson, Ik bin de rjochter, Nora (fan Ibsen), De feint fan twa masters, Efter de wasktobbe, Mephisto, Twa, De ûndergong fan Fryslân, Peer Gynt op Skylge en It pronkje fan Ierlân.

As slútstik fertelt Klaasje oer de opnames fan it ferhaal fan har mem. Der is earst in boek makke en dêrnei is der in stik oer dat ferhaal makke, "Rolling Home". As ferrassing krigen we in lytse foarstelling te sjen oer har mem. De bylden wiene wer yn gearwurking mei Reinder útsocht en foar't fuotljocht brocht. Yede betanke Klaasje, de harkers sloegen de hannen opelkoar. In tige moai winterskoft waard hjirmei ôfsletten.

Krekt in healjier nei syn frou ferstjert op 4 augustus te Dimter yn âldens fan 92 jier **Johannes van Stralen**. Hy hat yndertiid it grutte argyf oan negativen en foto's fan syn heit, de doarpsfotograaf Atse van Stralen, ôfstien oan de Stifting Grou. Te begripen is dat it bestjoer tige ynnommen wie (en noch altyd is) mei dizze jefte. By hast alle lêzings wurde der bylden brûkt út dit rike argyf.

Yn it skoft fan trije maitiids- en trije simmermoannen dat it wurk fan de Stifting stil leit, is it ienigste nijs yn dy perioade faak net it moaiste en giet it meast oer minsken dy't ús yn dy tiid ûntfalle. Sa ek de lêste berjochten yn dit ferslach.

Op 23 augustus is hommels ferstoarn **Fokje Dijkstra-Bloemsma** (Job-Fokje) yn âldens fan hast 88 jier en op 6 septimber yn syn wenplak Amsterdam 84 jier âld **Ernst Wester**.